

Reve libbet as in hert

Dy konklúzje kaem snein-to-middei 8 desimber boppe driuwen doe 't de lju machtich as de miggen – it blikken hynsder wie mei muoite in plakje foar to finen - tasetten op it barren 'Reve Rêve' yn de monumintale St. Vitustsjerke fan Blauhûs, dy 't yn syn Greonterpster jierren it Godshûs foar Reve west hat.

Hester Witteveen, Gerrit Breteler en it bistjûr fan de Gerben Rypma Stifting hienen dit op tou setten omt it 14 desimber e.k. 90 jier forlyn is dat Gerard Kornelis van het Reve berne waerd.

It wie dus in lyts earbitoan, in hommage, oan de skriuwer dy 't koartlyn noch fan Gerrit Breteler op skildersdoek op portret setten wie. Dat skilderij stie prominint op de preekstoel. De organisaesje hie foar de gelegenheit in kears foar Reve oanstutsen, net sa 't meast wenst is efter yn 'e tsjerke, mar ek op 'e preekstoel. Blies Reve, mei in fyn glimke, net sa nou en dan tomûk yn it flamke sadat de wapperjende skaden in oar paed oer syn karakteristike kop op it canvas sochten? By Reve wie ommers neat ûnmooglik.

Yn 1964 kaem de folksskriuwer Gerard Reve, sa 't er him letter skreau, nei Greonterp ta to wenjen, dêr 't er in lytse wenning yn de buorren kocht hie, sa fordútste Hester Witteveen yn har wolkom. Hy frege hiel kreas skriftlik oan de gemeente om him tastimming to jaen om syn wurkpaleis yn gebrûk to nimmen. Dat amtlik bidoelde briefke, dat Hester Witteveen foar dizze middei út de lapekoer fan de eardere gemeente Wymbrits opdold hie, is in lyts juwiel fan tael en styl yn it archyf fan dy gemeente, dy 't ûnderwilens nei gichem holpen is.

Pastoar Peter van der Weide fan de parochy Blauhûs c.a. spriek ek in koart wolkom en sette mei it foarlêzen fan in koart forhael fan Reve oer in papegaei de toan foar in middei mei muzyk, koartswyl, anecdotes en de presintaesje fan it boek oer Reve en syn tiid dat Huub Mous dizze middei yn it ljocht joech.

Foar de muzyk tekenen Johan Bijholt, oargelist, it Gaudi Kwartet en it Jouster Kamerkoor dat Jan Vermaning as dirigint foar it buordsje hat.

De sjongeressen Fardou van der Woude en de Flaemske Neske Beks wiene beide thús bleaun omt hja spitichernôch net rjocht halich wienen.

It muzikale intro út it requiem fan Breteler passe tige yn de sfear fan de Cuypers-kathedrael, dy 't yn dizze snuorje fan timmerlju ûnder hannen nommen wurdt. Moai fan klank, ritmysk en mei earbied foar it neo-gotyske godshûs; faeks mei omtinken oan itjinge Cuypers mei dit bouwurk foar eagen hie, sei pastoar Van der Weide, njonken de St. Vitus ek pastoar fan de Cuyperstsjerken yn Heeg en Snits - yn syn wolkom: in hûs mei himelske sfearen mar tagelyk ek in hûs dêr 't de minske syn leafde foar de meiminske bilibje kin.

It koar passe goed by de muzikaliteit fan it Gaudi Kwartet mei in harmonieus lûd en in goede dictie fan de teksten fan Breteler syn requiem. Breteler sels brocht mei stipe fan dizze muzikale helpen syn bikende stik út Katharsis – Doe 't God fordwoun út Jorwert - oer it fuotljocht. Syn lûd hat in moai timbre, is helder en klankryk, as de klankkast fan in goede fioele. Tusken de muzikale fordivedaesje, dy 't mei nocht biharke waerd en fan in heech niveau wie, kamen twa dichters oan it wurd.

As earste biet Eeltsje Hettinga, Rely-priiswinner, skriuwer fan it Gerben Rypma-boek en dit jier ek nominearre foar 'de Gysbert', de punt fan de literaire segaer ôf mei 'Hjerstdei', syn oersetting fan it gedicht 'Herbsttag' fan Rainer Maria Rilke. Dat ropt oantinkens op oan forgonkelikens dêr 't wy yn de hjerst elts jier wer by bipaeld wurde as twirjende blêdden in goed hinnekommen fine yn de smûke plakjes yn it tún. Dat thema wie eins de reade tried dy 't troch it hiele programma hinne roun.

Ienris waerd de dichter oer de Iensumefeart setten tusken It Heidenskip – dêr 't se in hel en in himel hawwe, dêr't Dante Aleghieri wis net fan op 'e hichte west hat - en De Gaestmar. Dat smiet in lyts reisforlach fan forgonklikheit op. Boer Bakker, krijt yn dit gedicht de rol fan Charon de mythyske fearskipper taskikt. En de hiemdogge dy 't útskaeide nei it stal fan in Dútske herder, foroaret sa yn Cerberus. Hjoed is moarn al it forline en kin fierder yn de tiid mythyske propoarsjes krije. Ta bislút fan syn oanpart helle hy oantinkens op oan Greonterp. Doe 't er foar de krante wurke, wenne er der in skoft, net sa fier fan de wente dy 't doe al lang 'huize Het Gras' hiet. Allyk it gers is in minskelibben. Ek 'Greonterp' foarmet in poëtysk tobeksjoch nei eat dat west hat.

De oare bard wie Maarten Inghels, de Flaemske poëet, dy 't mei in pear geastessibben yn Antwerpen in project bigoun om omtinken te freegjen foar minsken dy 't bûten de stringen fan de maetskippij tolânne kommen binne. As se al skoft út de tiid binne, faeks al min of to mear mumnifisearre troch in wurkman fan it gas, de tillefoan of sa foun wurde, helje se pas de krante. Dizze dichters forsoargje om bar dat in yn iensumens forstoarne dochs noch mei in bipaelde weardichheit to hôf brocht wurde kinne troch foar de persoan yn kwestje in spésjael gedicht to skriuwen, dat de dichter by it ôfskie foardraecht. Bygelyks foar de Vietnamees dy 't al skoft dea yn syn hûs lein hie.

It forganklike fassinearret him dat is dúdlik. Somtiden risseltearret dat yn gedichten mei in absurd swartkleurich rântsjje, as bygelyks yn I.M. (Inghels Maarten, In Memoriam) harssensskrabje oer syn eigen dea alfêst in tige apart RIP wurdt. Oer Reve, dy 't syn lêste libbensskoft yn it Belgyske Machelen oan de Leie wenne, hie er in gedicht skreaun dat omtinken joech oan it absurde forhael

dat efter de tinkstien sit dy 't de Belgen dêre foar de Folksskriuwer oprjochte hienen. Op dy stien wie in gedicht fan de literator beitele mar doe 't it hast oan it ûntbleatsjen ta wie, waerd der fol skrik konstatearre dat der ien wurd tofolle opstie...

Hilarysk om to hearren en to sjen, hwant lichemstael hat ek syn bikoar.

Huub Mous mocht op 'e tekst oer syn nijste boek, dat 'Modernisme in Lourdes, Reve en de secularisering' as ûnderwerp hat. Nuver is 't dat Reve katholyk waerd, doe 't de tsjerken al leech bigounen to rinnen. De skriuwer ûntwikkele him binnen dat ynstitút ta in oporteur, mei styl, dat wol; in man dy 't de kat wolris yn de gerdinen jage. Sokke lûden binne yn dat formidden sûnt in skoft net mear to hearren.

Lourdes lûkt, wylst de wrâld fierder secularisearret, noch hieltiid tûzenen pilgrims, dei oan dei. Hannel is derby ien fan de skaeimerken dy 't minsken op it each hawwe en sa wurdt de hillige Bernadette fan tige commerciële bitsjutting. Yn dat ramt woe Mous ha, soe Reve ek mar hillich, of sillich forklearre wurde moatte. Dat soe as konsewkinsje ha kinne dat syn stoflik omskot fan Machelen o.d. Leie, dêr 't er bigroeven is, mei gauwens nei it lytse hôf fan Greonterp komme moat. Dan hat Fryslân der ek hwat oan en kinne de reclamejonges harren der op ta lizze by Ljouwert Kulturele Haedstêd 2018.

Dat koe de lêste sprekker, Bram Peper, as âld-boargemaster fan Rotterdam meistimme, hwant troch dat sertifikaet bleau der doetiids aerdich hwat oan de Rotterdamske ekonomyske strykstôk hingjen. Njonken dat aspect struide de ex-minister fan Ynlânske Saken c.a., dat er ek west hat, dy 't sûnt 1987 mei de skriuwer bifreone rekke wie, mei anecdotes en sitaten út harren contacten en briefkerij, dy 't nochris de klam leine op de singeliere persoan, dy 't Reve as minske en skriuwer wie. Bygelyks doe't er 75 jier wurde soe, krige Peper in tillefoantsje fan him op syn departemint. 'Siz nou sels Bram, it wurdt eins tiid om myn Ridderoarder (hy wie al Ridder yn de Oarder fan Oranje Nassau) op to wurdearjen, in lytse bifoarding moat der ynsitte'. Hoewol 't Peper net oer dy saken kedize koe, skille er syn amtsgenoat fan Justysje en it circuit soarge der foar dat it foarinoar kaem. Sa rinne de hazzen nou ienris...

Peper krige fan Mous it earste exemplaer oerlange fan it niisneamde boek.